



Ut it argyf fan Sumar

Okkerdeis liet Hille de Boer fan Sumarreheide my in boelguodboekje sjen. D'r stie op dat op tongersdei 29 maart 1951 fee en ark ferkocht waarden 'ten sterfhuize van de weduwe W.M. de Boer'. Dat makke my nijsgjirrich.

Dy widdo is Detje Wolters Tiekstra. Hja wie 9 novimber 1950 ferstoarn yn har hûs oan de Joute van der Meerwei 16 (doe Suameer 351). Hja hat net in maklik libben hân. Sy wie húshâldster by Wierd Melles de Boer en fan it ien kaam it oar. Yn 1903 troude hja mei Wierd. Sy wie al swier en tegearre krigen hja tsien bern.

Yn 1917 kochten hja de pleats op de Heide. Dêr waard it tsiende bern, Antje, berne op 17 novimber 1918.

In goed wike letter op 26 novimber ferstoar heit Wierd oan de Spaanske gryp. Wat in drama! No stie Detje d'r allinnich foar en hja moast de tsien lytse en gruttere bern baas bliuwe.

Dat slagge har hiel aardich. Sjoch mar nei de foto wêr't hja mei har bern op stiet. It wie op in snein dat sy de jonges feroarene om thús te kommen, want fotograaf Douwe Franke soe komme.



Achterste rige fan links nei rjochts Wijbren, Hendrik, Roorde, Melle, Wolter en Sijtske. Foar fan links nei rjochts Rein, Janke, Antje, mem Detje en Fettje.

Yn 1917 kochten Wierd en Detje de pleats op de heide fan Jan Hendriks Wagenaar. Hy wie keapman en hie hjir in winkeltsje. De winkelwaar waard mei de tram nei de heide brocht. Fan de tramhalte wie it mar in hoannestap nei de winkel. Yn de keapakte stiet dat de ferkeaper sels de buorden, stellings en de toanbank út de winkel hâlde woe.

D'r moast in knappe priis betelle wurde. Strykjildskriuwer Wiebren Wartena, kastlein yn Garyp, biedt 6.288 gûne. Wierd wol de pleats graach ha, mar hy is de iennichste net. It bieden giet troch en hâldt op by 8.603 gûne!

De pleats stiet op in hoeke lân fan sawat trije bunder. Yn de earste beskriuwings is it boulân of greide, mar letter soe it foar in part heide wêze. Wagenaar hat de heide yn 1912 oanmakke en de pleats boud. D'r leine grutte bulten sân, dy't letter ôfgroeven binne. It sân is brûkt om it fleanjild by Ljouwert mei oan te lizzen. Wagenaar hie dêr oer yn novimber 1917 in kontrakt ôfsletten mei de Nederlandsche Tramweg Maatschappij. Hy joech harren permisje om in 'zijspoor' oan te lizzen en sa it sân op te heljen. Somtiden waard der klaai mei werom naam. In part fan it lân wurdt noch 'it klaailân' neamd.

Det koe har goede rêde as boerin. Mei help fan de bern koe der stadichoan in ko mear molken wurde. Sa waard hja ien fan de gruttere boeren fan de heide. Alle sneinen gie sy trou nei de grifformearde tsjerke op de harste en alle kearen sette ja dan in passend huudsje op 'e holle.

In pear moannen nei har dea waard der boelguod hâlden. Faak wie sa'n boereboelguod op tongersdei. As de strykjildskriuwers mei it fee sitten bleaune koe it de oare deis noch ferkocht wurde op de feemerk yn Ljouwert. De jonges wisten fansels krekt hokker kij de bêsten wiene en ha dy grif kocht. Alle bisten en alle ark waarden ferkocht. Ferkeapje wie it earlikst, want jild is makliker te ferpartsjen as fee.

De bern krigen allegear in stik lân; de jongste dochter, Antje, krige de pleats. Hja troude mei Fokke Veenstra fan de Harkema. Fokke wie lyts boer. Hy molk moarns in stik as 6 kij en gie dan oan it wurk by it Fryske Gea, de Ofslútdyk of te reidsnijen yn Earnewâld. As hy yn de winter jûns thús kaam krige hy earst in klotst aai mei brandewyn. De frou of de bern rêden har jûns mei de kij. Hjoeddedei wennet harren dochter Teddy mei har man Pôpe op it âlde stee. Wat in âld boelguodboekje net allegear losmakket.

troch Ids Krol